

Project number
143351-LLP-1-2008-1-
ES-KA2-KA2MP -
Volangteer



Hânboek Gearfetting





Dit projekt waard mooglik makke mei stipe fan de Europeeske Kommisje.

Dizze útjefte komt hielendal foar de skriuwers op; de Kommisje kin net op it gebrûk fan derfan oansprutsen wurde.

HÂNBOEK: GEARFETTING

YNHÂLD

1. IT VOLANGTEERPROJEKT, HOE EN HET	s. 4
2. IT PROJEKT OP POATEN SETTE	s..5
3. IT TRENEN FAN DE FRIJWILLIGERS	s. 8
3.1 Wêrom is omtinken foar ynterkulturaliteit nedich?	s. 8
3.2 It learen fan taal yn it VoLANGteersprojekt	s. 12
3.3 Learmetoaden	s. 13
4. AKTIVITEITEN MEI DE FRIEZEN-YN-OPLIEDING	s. 17

1. IT VOLANGTEERSPROJEKT, HOE EN HET

It VoLANGteersprojekt makket diel út fan it Europeeske Leonardoprogram en hat as wichtichste doel om derefter te kommen hoe't men de kennis fan minderheidstalen fergrutsje kin troch frijwilligers as taalmaatsjes yn te skeakeljen.

Wat kreker formulearre binne de doelen:

- * bydrage oan de ûntjouwing en promoasje fan streektalen;
- * it learen fan streektalen makliker meitsje;
- * minsken fan bûten skewiele by it yntegrearjen yn regio's mei in eigen taal;
- * it kontakt tusken hikke en teine bewenners en besikers fan bûten befoarderje;
- * de ynterkulturele dialooch op gong helpe.

It VoLANGteersprojekt draacht by oan de ûntwikkeling fan in netwurk om mear oer de regionale taal en kultuer oan 'e weet te kommen. Frijwilligers út de streek spylje dêrby in wichtige rol as maatsje: de lju dy't fan bûten komme, krije as Fries/Galisiër-Yn-Oplieding (FYO/GYO) in maatsje út de streek. Se dogge in protte tegearre, dat de FYO/GYO him mear thúsfielt yn syn tydlik wengebiet en in basiskennis fan de talen en kultueren fan dêfan opdocht.

2. IT PROJEKT OP POATEN SETTE

Foardat men in VoLANGteerseftich projekt op poaten sette kin, moat men guon saken tariede.

It hânboek jout in stikmannich kontrôlelisten. Dy binne hannich by it fermijen fan swierrichheden en soargje derfoar dat de organisatoaren neitocht hawwe oer alles wat wichtich is. De kontrôlelisten binne basearre op in list fan hannige ûnderfinings mei it organisearjen fan projekten.

In foarbyld fan in kontrôlelist:

Kontrôlelist 2

Taken en ferantwurdlikheden fan de projektkoördinatoaren

- * Hokker taken ha de koördinators?
- * Wat binne de nammen en adressen fan de koördinators?
- * Hoe kommunisearje de koördinators mei de frijwilligers en Friezen-Yn-Oplieding?
- * Hoe kommunisearje se mei oaren? (projektlider, polityk, oaren)
- * Hoe faak komme de koördinators gear?

It hânboek jout in protte omtinken oan de frijwilligers. Sy spylje de haadrol yn it projekt. Foar de FYO's en GYO's binne sy de kaai ta de regionale kultuer. De frijwilligers hawwe de neikommende taken:

- * Hy lit de Fries-Yn-Oplieding Fryslân sjen.
- * Hy helpt de FYO mei it learen fan wat Frysk en/of Nederlânsk.
- * Hy lit de FYO plakjes sjen dêr't toeristen net sa gau komme.
- * Hy bringt de FYO mei oare Friezen yn kontakt, dat dy him gau thús fiele kin.
- * Hy helpt de FYO by it begripen fan it dwaan en litten fan de Friezen.
- * Hy helpt de FYO mei praktyske saken (formulieren ynfolje ensfh.)
- * Ensfh. ensfh.

VoLANGteersprojekten hawwe in pear wichtige ûnderdielen: it winnen fan frijwilligers, harren entûsjast meitsje en harren de kreative ynstruksjes jaan hearre dêr yn alle gefallen by. Hjir wolle wy lykwols alfêst in pear eigenskippen neame dy't alle frijwilligers hawwe moatte. Minsken dy't net al dy eigenskippen hawwe, binne as begelieder fan in FYO/GYO net sa geskikt. Fansels stiet it oan de koördinators en/of de organisaasje om op harren eigen oardiel ôf te gean. De eigenskippen binne:

* Talekennis: it praten fan in bûtenlânske taal, dat de frijwilliger him foarstelle kin hoe't it is om jin rêde te moatten yn in frjemde taal.

* Reisûnderfining: wa't ûnderfining hat mei oare kultueren, kin him makliker ferpleatse yn de posysje fan ien dy't nij is yn Fryslân.

* Kontakt mei bûtenlanners: ûnderfining mei it omgean mei minsken út in oare kultuer helpt by it begripen fan "nuvere" dingen dy't de bûtenlanner docht.

* Kennis fan de eigen regio of yn alle gefal in part dêrfan: de frijwilliger moat de FYO/GYO fansels wat te bieden hawwe en him helpe kinne by it ûntdekken fan dy syn wenplak of fan de provinsje.

Konsept-fragelist foar de frijwilliger

- * Foarnamme:
- * Achternamme:
- * Leef tyd:
- * Memmetaal/talen:
- * Oare talen dy'tst praatst:
- * Lannen dêr'tst west hast (Hoe lang? Wêrom?):
- * Hoe fynst it om yn it bûtenlân te wêzen?
- * Wêrom wolst oan it VoLANGteersprojekt meidwaan?
- * Hast earder frijwilligerswurk dien? Sa ja, wat?
- * Hoefolle tiid hast beskikber foar it VoLANGteersprojekt?
- * Hokker aktiviteiten soest as frijwilliger by VoLANGteers ûndernimme wolle?

3. IT TRENEN FAN DE FRIJWILLIGERS

3.1. Wêrom is omtinken foar ynterkulturaliteit nedich?

It VoLANGteersprojekt hat as belangryk doel dat minsken fan bûten har mear thúsfiere yn Fryslân. Dêrby krije se help fan in frijwilliger. Dy is net in profesjoneel dosint, mar dochs docht er nuttich wurk troch de nijkommer te helpen om de talen en kultuer fan de regio te ûntdekken.

Om't de frijwilliger gjin profesjonele learaar is, is it nedich dat er yn it foar leart om as bûtensteander nei syn eigen taal en kultuer te sjen. Dêrby moat er trije dingen oer himsels oan 'e weet komme:

- * Hoe sjoch ik tsjin de streek, syn talen en syn kultuer oan?
- * Hoe sjoch ik tsjin minsken fan bûten de streek/it lân oan?
- * Hoe gedraach ik my yn in groep mei minsken dy't hiel oars binne as ik?

Yn dizze paragraaf steane trije begripen sintraal: **kommunikaasje**, **kultuer** en de kombinaasje fan dy twa yn **ynterkulturele kommunikaasje**.

In wichtige ûnderstelling op it mêd fan **kommunikaasje** is dat it "ûnmooglik is om net te kommunisearjen", mei't alle gedrach kommunikaasje is. It is ûnmooglik om jin net op 'e ien of oare manier te gedragen (swijen en stilsitten binne ek gedrach). Men kommunisearret dus altyd.

Neffens de UNESCO is kultuer yn 'e breedste sin "alles wat bysûnder is oan in groep minsken yn de manier sa't se omgeane mei besteande dingen, mei godstsjinst, mei kennis en wittenskip en mei oare minsken. Under kultuer falle saken lykas keunst, literatuer, libbenswizen, fûnemintele minskerjochten, wearden en noarmen, tradysjes en leauwe."

Antropologen brûke de term "kultuer" foar alles wat troch de minsklike geast foarme wurdt – taastber of net – en wat derfoar soarget dat minsken harsels as minsklik beskôgje.

It wurd "kultuer" kin ek brûkt wurde om te beskriuwen hoe't in sosjale groep him fielt, hâldt en draacht of tinkt.

It doel fan kommunikaasje is it oerbringen fan in boadskip tusken minsken, wylst kultuer in manier is om minsken byinoar te bringen. It besef dat minsken by in beskate sosjale groep hearre en in beskate identiteit hawwe is wichtich foar harren kultuer. Dy groepen en identiteiten hingje nau gear mei kennis en tradysjes dy't troch de tiid hinne fan 'e iene persoan oan 'e oare trochjûn binne.

Mei ynterkulturele kommunikaasje wurde de relaasjes tusken minsken of groepen minsken út ferskillende kultueren bedoeld. Dy relaasjes draait it om, al moatte wy fansels ek rekken hâlde mei it wrâldbyld, de wearden en noarmen, libbenswizen en tinkwizen fan elk fan de kultueren.

Ynterkulturele kommunikaasje is neffens Ladmiral & Lipiansky "yn it foarste plak in probleem mei de kommunikaasje en dan benammen mei dy kommunikaasje dêr't taal foar brûkt wurdt. Men kin sizze dat taal de tagong foarmet ta kultuer en yn it bysûnder ta oare kultueren as ús eigen. Taal foarmet yn ús relaasje mei in oar syn kultuer in earste stroffelstien. It is sels sa dat wy by ynterkulturele kommunikaasje faak inkeld mar oan taalferskillen tinke en ferjitte dat der ek oare kulturele ferskillen besteane. Fansels is it taalprobleem wol de earste stroffelstien dy't wy oan 'e kant reagje moatte."

Ynterkulturele kommunikaasje is neffens Ladmiral & Lipiansky "yn it foarste plak in probleem mei de kommunikaasje en dan benammen mei dy kommunikaasje dêr't taal foar brûkt wurdt. Men kin sizze dat taal de tagong foarmet ta kultuer en yn it bysûnder ta oare kultueren as ús eigen. Taal foarmet yn ús relaasje mei in oar syn kultuer in earste stroffelstien. It is sels sa dat wy by ynterkulturele kommunikaasje faak inkeld mar oan taalferskillen tinke en ferjitte dat der ek oare kulturele ferskillen besteane.

Fansels is it taalprobleem wol de earste stroffelstien dy't wy oan 'e kant reagje moatte."

Taal as stroffelstien, dat is wêr't it VoLANGteersprojekt him yn it foarste plak op rjochtet. It projekt rjochtet him lykwols op mear saken, mei't nijkommers mear as allinne mar taalproblemen tsjinkomme yn in foar har frjemd gebiet. Se bedarje nammentlik yn in oar kultuergebiet, mei talige en oare gewoanten dy't harren yn 'e war bringe en der sels ta liede kinne dat se útsletten wurde as se se net begripe.

Yn de omgong mei minsken út in oare kultuer moat elk him wat oanpasse om foar te kommen dat er in ûntfetsoenlike yndruk makket. Oanpassings kinne soms nedich wêze yn gedrach, de manier fan praten, it wrâldbyld (ynklusyf wat foar ús folslein logysk is), foarardielen, mienings ensfh.

Hoe't men tsjin 'e peteargenoat oansjocht, wurdt ek beynfloede troch allegear (psychologyske en kulturele) faktoaren, lykas stereotypen, foarardielen, rasisme, de skiednis fan de kulturele groep, de gelegenheid dêr't men de oar tsjinkomt ensfh.

Ien fan de wichtichste doelen fan it VoLANGteersprojekt is om de ynterkulturele kommunikaasje tusken nijkommers en hikke en teine bewenners te befoarderjen. Dat makket dat minsken oars tsjin dingen oan begjinne te sjen en it bestriidt foarardielen en stereotypen oangeande de befolking fan in lân of regio.

De frijwilligers by in VoLANGteersprojekt binne oer it generaal gjin saakkundigen op it mêd fan lesjaan, taalkunde of ynterkulturele kommunikaasje. De bûtenlânske dielnimmers binne dat likemin. Dêrom hawwe de projektkoördinatoren beslette om dy drege saken net yn in tradisjonele lessituaasje oan 'e oarder komme te litten, mar om se te ferwurkjen yn noflike groepsaktiviteiten. By it ynstruearjen fan de frijwilligers en by it kontakt tusken autochtoanen en FYO's/GYO's wurdt beklamme hoe gesellich en nijsgjirrich oft ynterkulturele kommunikaasje wêze kin. Dêrtroch kin it faak op it aljemint komme mar dochs luftich bliuwe.

In foarbyldaktiviteit foar it trenen fan de frijwilligers:

"Myn ferlet"

Doel

It doel fan dizze aktiviteit is dat de frijwilligers derachter komme wat foar minsken allegear wichtich is yn de omgong mei oaren.

Doer

15 minuten

Tarieding

Garje foar alle dielnimmers in pinne en in fel papier.

Utfiering

- * De koördinator seit tsjin de frijwilligers wat hy of sy sels wichtich fynt yn de omgong mei oare minsken, bygelyks: "Ik fiel my net noflik yn in groep minsken as se my net begroetsje as ik deryn kom." of "Ik fyn it ûnfetsoenlik as minsken my net útprate litte."
- * Hy/sy freget alle frijwilligers om sels fiif saken op te skriuwen dy't foar harren wichtich binne yn de omgong tusken minsken.
- * De koördinator seit dat elk aansen syn/har punten foarlêst en dat de oaren goed harkje moatte en der net flau op reagearje meie.
- * Alle frijwilligers lêze harren punten foar. De koördinator fettet se gear en skriuwt se op in apart fel papier of op in skoalboerd. Hy hâldt ek by hoe folle minsken oft in beskaat punt neame.
- * As alle punten op papier steane, seit de koördinator dat guon punten foar (hast) elkenien fan belang binne, mar dat it wichtich is dat oan alle punten op it papier foldien wurdt – oars binne der beskate minsken dy't har net noflik fiele en men kin

earst noflik mei-inoar omgean as elk rekken hâldt mei it ferlet fan oaren, hoe ferskillend oft dat ek fan syn/har eigen ferlet.

* De koördinator seit dat it foar de oar makliker is om rekken te hâlden mei dyn ferlet asto rekken hâldst mei sines/harres.

* As der tiid oer is, kinne de frijwilligers mei-inoar in lyts hânboekje skriuwe foar de gedrachsregels dy't yn har groep nedich binne.

3.2. It learen fan de taal yn it VoLANGteersprojekt

VoLANGteers wie der net foar ornearre om de FYO's en GYO's folslein Frysktalich te meitsjen. Dat woenen de measten ek net en soks soe ek net mooglik wêze. It doel wie folle mear om harren de mooglikheid te jaan har wat te rêden yn deistige situaasjes. Guon woenen dêr graach wat Fryske en Galisyske wurden en sinnen foar witte, oaren rjochtsen har leaver op it Nederlânsk en Spaansk. Foar minsken dy't begjinne mei wat in taal te learen kin it aardich wêze en stel harren nivo fêst. Wy jouwe yn dit boek ynformaasje oer de nivo's A1 en A2 fan it Europeesk Referinsjeramt. Learders kinne dêrmei fêststelle oft se dy nivo's berikt hawwe. It Europeesk Referinsjeramt wurdt yn alle Europeeske lannen brûkt. Sa kinne minsken yn it bûtenlân maklik oanjaan hokker nivo oft se yn in taal berikt hawwe.

It is wichtich om it haaddoel fan it projekt yn it each te hâlden: bûtenlanners helpe om har yn de streek thús te fielen. In basiskennis fan Frysk en Nederlânsk kin dêr yn Fryslân in soad ta dwaan, mar it learen fan in taal kostet in protte tiid en muoite. Faak sille se ek genôch oare dingen oan 'e holle hawwe en hinget it taallearen der wat by.

3.3. Learmetoaden

Faaks leit it net yn 'e reden, mar net elkenien hat foar it begryp dat folwoeksenen oars leare as bern.

In wichtich gefolch dêrfan is dat men de tradisjonele learmetoaden dy't op skoallen brûkt wurde, samar net foar folwoeksenen brûke kin. In folwoeksene wit al aardich wat, is net altyd beskikber, hat minder tiid ensafh. Sadwaande moatte lessen foar folwoeksenen minder skoals wêze as lessen oan bern en pubers. Folwoeksenen hawwe boppedat gauris in wearze fan de tradisjonele ûnderwiisfoarmen. Dat hat ûnder oaren de neikommende oarsaken:

- * In folwoeksene akseptearret net sûnder mear in oar syn autoriteit, sels net as dy oar in profesjoneel dosint is. De relaasje tusken dosint en learder is basearre op lykwaardigens – soks yn tsjinstelling ta de realaasje tusken master/juf en bern.
- * In folwoeksene wit yn it foar wat er yn in kursus leare wol en giet derfan út dat dy ferwachting útkomt.
- * In folwoeksene hat al in soad leard, ûnderfûn en dien. Hy kin bygelyks faak al in pear frijemde talen. Hy giet derfan út dat de dosint dêr yn de lessen rekken mei hâldt.

Oars as minsken gauris tinke, is it net sa lyk de taak fan in dosint om kennis op in oar oer te bringen as wol dat er dy oar begeliedt by dy syn learen, dat er him helpt om saken te begripen en dat er wat er wit sa goed mooglik dielt. By it lesjaan oan folwoeksenen moat men mei ferskillende saken rekken hâlde. Folwoeksenen leare nammentlik pas as se:

- * foar it snotsje hawwe wêr't se mei dwaande binne;
- * it nut ynsjogge fan wat se dogge;
- * der wis fan binne dat de ûnderwiisfoarm doel hat;
- * betrouwen hawwe yn de dosint en foar fol oansjoen wurde;
- * it learproses nijsgjirrich fine;
- * aktyf wat ûndernimme.

Yn it hânboek steane guon saken dy't de frijwilligers net ferjitte meie en dy't harren dêrom geregeld efkes yn it sin brocht wurde moatte:

* De frijwilliger is net in profesjoneel dosint.

* De frijwilliger is in "maatsje" foar de FYO en helpt dy by it learen. Hy jout antwurd op dy syn fragen, bringt him yn kontakt mei oare minsken, ûndernimt útstapkes mei him ensfh. mar hat perfoarst net de taak om as in saakkundige kommentaar te jaan op de prestaasjes fan de FYO.

* It learen fan in taal kostet in protte tiid en muoite. As in dosint ris wat seit, wol dat net sizze dat de learder it dan fuort ek wit. Trochinoar moat men saken sân kear hearre foar't men se net mear ferjit. It is ek hiel goed mooglik om saken te begripen sûnder dat men se sels útlizze kin. By it VoLANGteersprojekt is it begripen it wichtichste.

* Wa't leart, makket ek flaters. Troch nei te gean wat der ferkeard gong, leart men. In bern dat it rinnen leart, falt ek hieltyd om en net ien is benaud dat it bern nea op eigen fuotten stean sil. Dat jildt foar alle learen, by bern en by folwoeksenen.

* In taal bestiet út in wurdskat en in grammatika (regels foar it oarderjen fan dy wurden ta goede sinnen). Taalbehearsking is lykwols mear as inkeld mar kennis fan wurden en grammatika. Wa't in taal yn 'e macht hat, kin ek nei oare minsken harkje en begripe wat se sizze. Lêze heart der ek by en it is ek tige wichtich dat men mei wurden en bewegingen oan de oar dúdlik meitsje kin wat men wol, sels mei in lytse wurdskat.

* Nei alle gedachten leare de bûtenlânske gasten troch it VoLANGteersprojekt net safolle Frysk of Nederlânsk dat se har sûnder muoite rêde kinne. Dêrom is it nedich dat de frijwilliger en de FYO in taal mienskiplik ha dêr't se har beide goed yn uterje kinne. Dat kin Nederlânsk wêze, mar ek in bûtenlânske taal lykas Frânsk, Dútsk of Ingelsk.

Fierders jout it hânboek in idee foar in treningsdei foar de frijwilligers, mei de neikommende doelen:

* It skeppen fan in groepsgefoel ûnder de frijwilligers en it fersterkjen fan de bân mei it VoLANGteersprojekt.

* It dúdlik meitsjen fan de rol fan ynterkulturaliteit yn it projekt.

* It lizzen fan in basis foar it helpen fan de FYO's/GYO's by it learen fan de taal.

Onderwerp	Doel	Inhoud
Welkom (10 à 15 min.)	* Introductie	* De instructeur stelt zich voor. * Presentatie van het project (bijv. met PowerPoint)
Kennismaking (30 min.)	* Het ijs breken * Bewustwording van verschillen en overeenkomsten tussen mensen	* "Mijn wapen" of "Zoek iemand die" * Iedereen stelt zich kort voor
Interculturele contacten (30 min.)	* Nadenken over culturele identiteit en over wat mensen van anderen denken	* "Mijn taal, mijn streek" * Discussie over de antwoorden * Discussie over wie wel en niet bij een samenleving/groep hoort enz.
De eerste stappen in een vreemde taal (30 min.)	* De vrijwilligers zich laten inleven in de situatie van de inwijkeling * Bewustwording van stereotypen van de taal en van taalleren	* "Beeldtaal" met buitenlandse voorbeelden, in twee groepen * Discussie: welke taal, wat begrijp je ervan, hoe is het om de taal van het straatbeeld niet te begrijpen * Discussie: overeenkomsten/verschillen tussen talen, gebruik maken van kennis/ervaring bij het begrijpen van talen
De eerste stappen in een vreemde taal (30 à 45 min.)	* Begrijpen hoe mensen een taal leren	* Samenvatting "Mijn taal, mijn streek" * Lezing: wat is taal wel/niet, wat is het leren van een vreemde taal wel/niet (bijv. met PowerPoint) * Lezing over het ERK en A1 als streefniveau bij VoLANGteer
Non-verbale communicatie (15 min.)	* Bewustwording van de relatie taal-identiteit	* "Lichaamstaal" * Discussie: het belang van taal voor de culturele identiteit
Interculturele contacten (30 à 45 min.)	* Bewustwording van de valkuilen van interculturele communicatie	* Lezing over interculturele communicatie (bijv. met PowerPoint) * Discussie * Afhankelijk van de belangstelling van de deelnemers keuze uit een van de activiteiten op de volgende bladzijde

Activiteit 1 (15 min.)	<ul style="list-style-type: none"> * Bewustwording van wat mensen een groepsgevoel geeft * Trainen in het luisteren naar anderen 	<ul style="list-style-type: none"> * Iedereen noteert vijf dingen die nodig zijn om mensen het gevoel te geven dat ze samen een groep vormen (bijv. taal, vlag enz.)
Activiteit 2 (15 min.)	<ul style="list-style-type: none"> * Begrijpen wat onrecht en discriminatie met iemand doen 	<ul style="list-style-type: none"> * "De verstotelingen" * Discussie
Activiteit 3 (15 min.)	<ul style="list-style-type: none"> * Bewustwording van de moeite die het kost om andere mensen en gewoonten te aanvaarden 	<ul style="list-style-type: none"> * "Lekkere snoepjes" * Discussie: hoe was het en zijn meningen veranderd door het spel?
Activiteit 4 (15 min.)	<ul style="list-style-type: none"> * Aandacht verleggen naar het algemene * Nadenken over eigen waarden en normen 	<ul style="list-style-type: none"> * "Een gedicht" * Mening laten opschrijven * Discussie
Afsluiting (30 min.)	<ul style="list-style-type: none"> * Verwerking van het geleerde * Spelregels VoLANGteer duidelijk maken 	<ul style="list-style-type: none"> * Evaluatie * Discussie en afspraken over volgende bijeenkomst * Iedereen verklaart uitdrukkelijk in te stemmen met de spelregels van het VoLANGteersproject

Opmerking: de tiidsdoer is in rjochtlíne. As de groep grut of lyts is, kin men der fansels fan ôfwike. Slacht in aktiviteit net of krekt tige goed oan, dan kin men dêr ek minder of just mear tiid mei bestelle. It wichtichste is dat de twa ûnderwerpen 'taalleare' en ' ynterkulturele kommunikaasje' goed foar de hearen komme.

4. AKTIVITEITEN MEI DE FRIEZEN-YN-OPLIEDING

It lêste part fan it hânboek giet oer de aktiviteiten dy't de frijwilligers mei harren bûtenlânsk maatsje ûndernimme kinne. Ut praktyske reden wurdt dat hjir sjen litten oan 'e hân fan de Fryske situaasje. Fansels binne foar oare streken oanpassings nedich.

Haadstik 1 jout in stikmannich yn-de-kunde-kommersaktiviteiten.

Foarbyld fan in aktiviteit om it iis wat te brekken

Aktiviteit: Gegevens oer de oar garje

Doel: By de earste gelegenheid wat mear oer de oar oan 'e weet komme.

Tarieding: Skriuw de ûndersteande fragen op in fel papier oer of kopiearje se.

Utfiering:

- * De frijwilliger stelt de FYO de fragen fan de earste fragelist (nei kar fan de FYO yn it Frysk of yn it Nederlânsk). As dy in fraach net neikomme kin, dan set de frijwilliger dy foar him oer.
- * Hy seit de antwurden nei en skriuwt se op yn it Frysk of Nederlânsk.
- * De FYO lêst dan de fragen fan de twadde fragelist ien foar ien op. De frijwilliger jout antwurd yn in mienskiplike taal. De FYO skriuwt de antwurden op.

FRAGELIST 1 De frijwilligers stelt frager, de bûtenlanner jout antwurd.	FRAGELIST 2 De bûtenlanner stelt fragen, de frijwilliger jout antwurd.
* Wat is dyn foarnamme?	* Wat is dyn foarnamme?
* Wat is dyn achternamme?	* Wat is dyn achternamme?
* Ut hokker lân komsto?	* Hoefolle broers en susters hasto?
* Ut hokker gebiet komsto?	* Hoe sjocht dyn hûs derút?
* Hoe sjocht it lânskip derút yn dyn streek?	* Wurkesto of folgest in stúdzje? Wat krekt?
* Hoe âld bisto?	* Wat dochst yn dyn frije tiid?
* Hoefolle broers en susters hasto?	* Wat is dyn lekkerste iten?
* Wat dochst yn dyn frije tiid?	* Wat is dyn leafste bist?

* Wat is dyn lekkerste iten?	
* Wat is dyn leafste bist?	
* Wêrom bisto yn Fryslân?	
* Hoe lang bliuwsto hjir?	

In Frysk foarbyld:

FYO: "Wat is dyn foarnamme?"

Frijwilliger: "Ich heisse Helmut."

FYO: "Du heisst Helmut." (skriuwt it antwurd op)

Yn **haadstik 2** fine de frijwilligers en FYO's suggestjes foar aktiviteiten om op in boartlike manier mear oer inoars kulturele achtergrûn oan 'e weet te kommen.

Foarbyld fan in aktiviteit dy't rjochte is op ynterkulturele kommunikaasje

De frijwilligers kin de FYO helpe om yn kontakt te kommen mei de Friezen troch him in fragelistje te jaan. De FYO moat dan op 'e dyk foarbygongers oansprekke om de antwurden te finen. De fragen geane oer deistige dingen yn Fryslân, lykas omgongsfoarmen, bysûnderheden, iten en drinken, bekende Friezen ensfh. De projektkoördinatoren kinne de aktiviteit ek foar alle bûtenlanners yn it projekt organisearje. Se kinne der dan mei in ploechje op út. Dat befoarderet wer it kontakt tusken de FYO's.

In pear foarbyldfragen:

1. Wat binne de wichtichste yngrediïnten fan potiten?
2. Wat is in terp?
3. Hoefolle doarpen komst tsjin ast fan Ljouwert nei Holwert ta rydst?
4. Wat is dit foar tekentsje?
5. Hoe hyt de komsaris fan de keninginne yn Fryslân?
6. ...

Yn **haadstik 3** fynt noch mear aktiviteiten om de regionale taal en kultuer better kennen te learen. (De foarbylden binne wer Frysk, mar kinne fansels foar oare gebieten oanpast wurde.) Oan 'e ein fan it haadstik stiet in list mei aktiviteiten om te oefenjen mei allegear deistige situaasjes. De FYO fielt him dêrtroch al fluch wisser fan himsels as er allinnich op 'n paad is.

Foarbylden fan aktiviteiten dy't yn 'e deistige praktyk oefene wurde kinne:

Situaasje	Nuttige sinnen	Oefeningen
(Telefoan)petear	<ul style="list-style-type: none"> - Hallo / Goeie - Ik ben op zoek naar ... / Ik sykje ... - Een ogenblik! / Ien momint! - Bedankt! Tige tank! 	De FYO bellet de VVV of giet derhinne en freget de iepeningstiden fan in museum yn Fryslân op.
Yn 'e kunde komme	<ul style="list-style-type: none"> - Ik ben ... / Ik hyt fan ... - Hoe heet jij? / Hoe hytsto? - Waar kom je vandaan? / Wêr komsto wei? - Tot ziens! / Oant sjen! 	De frijwilliger nimt de FYO mei nei freonen of famylje. Se stelle har oaninoar foar.
It paad freegje	<ul style="list-style-type: none"> - Pardon! - Waar kan ik ... vinden? Wêr kin ik ... fine? - Gaat deze bus naar de hogeschool? / Giet dizze bus nei de hegeskoalle? - Links, rechts / Lofts, rjochts - Rechtdoor / Rjochtút - Vlak bij de ... / Ticht by de ... 	De frijwilliger praat mei de FYO in plak yn 'e stêd ôf dêr't se inoar moetsje. De FYO freget foarbygongers it paad. .
Yn in hotel	<ul style="list-style-type: none"> - Heeft u nog een kamer vrij? Ha jo noch in keamer frij? - Foar ien persoan / Voor één persoon - Wat kost dat? / Wat kostet dat? 	De FYO giet nei in hotel en freget wat in oernachting foar ien persoan kostet.
Op 'e camping	<ul style="list-style-type: none"> - Heeft u nog een plaatsje vrij voor een tent? / Ha jo noch in plakje frij foar ien tinte? - Waar kan ik het toiletgebouw vinden? / Wêr binne de húskes? - Wat kost een overnachting? / Wat kostet in oernachting? 	De FYO freget by in camping oft der foar in bepaalde nacht noch in plakje frij is foar in tinte.

Yn **haadstik 4** fine de FYO's manieren fine om derachter te kommen hoe't har learproses avensearret. It giet om taallearen en om yntegraasje yn bredere sin. Se fine in stikmannich formulieren dy't se ynfolje kinne en dy't har helder sjen litte hoe fier oft se al binne.

Foarbyld fan in skema om de fuortgong te bepalen:

Voortgangsevaluatie.	Niveau A1. Alle talen.
----------------------	------------------------

☺ zonder moeite ☹ met moeite ☹ helemaal niet

LUISTEREN	Ik kan bekende en alledaagse woorden en zinnen begrijpen (zoals korte eenvoudige instructies) als iemand duidelijk spreekt.		
	☺	☹	☹
<ul style="list-style-type: none"> * Ik begrijp eenvoudige begroetings- en afscheidsformules. * Ik begrijp eenvoudige vragen over mijn persoon en de dingen die ik doe (mijn naam, leeftijd, werk enz.) * Ik begrijp eenvoudige en algemeen bekende zinnen uit de dagelijkse omgang tussen mensen (bedanken, alsjeblieft zeggen enz.) * Ik kan korte, eenvoudige instructies opvolgen (bijvoorbeeld om de weg te vinden) * Ik begrijp eenvoudige omschrijvingen (van mensen, plaatsen, voorwerpen enz.) * Ik begrijp getallen en grootheden (hoeveelheden, prijzen, maten, datum, kloktijd enz.) 			

[Dit boek is skrean troch:](#)

Olivier Arnould

Jutta Avila

Aurore Bize-Arnould

Hélène Cabut

Christelle Grandidier

Xavier Lescop

Marie-Claude Maljean

Michelle Menger-Bernhard

Adrien Richard

Rothraud Roth

Jeremy Salisbury

www.volangteer.info